

Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes
o.f. H.M. de Jonge
Postbus 20011
2500 EA DEN HAACH

Ljouwert, 23 jannewaris 2024

Achte minister De Jonge, achte steatssekretaris Gräper-van Koolwijk,

Yn april 2023 is troch jo en (doetiidsk) steatssekretaris Uslu fan OCW, in advysfersyk yntsjinne by DINGtiid, jo advysorgaan foar de Fryske taal. Dat advysfersyk is it gefolch fan de moasje Kuiken/De Jong (36 200 VII, nr. 134) dy't de Twadde Keamer op 8 desimber 2022 oannaam hat.¹ Dêryn komt de noed nei foaren oer de Frysktalige sjoernalistyk. Jo freegje om de stân fan saken datoangeande en fersykje ús om oplossingsrjochtings om de Frysktalige sjoernalistyk te ferbetterjen. Op 26 septimber 2023 hawwe wy jo witte litten dat wy graach yngeane op jo advysfersyk. Hjirûnder sketse wy earst de eftergrûn by de Frysktalige sjoernalistyk. Fierder ynformearje wy jo oer relevante pilotprojekten, de winsk om in minor Frysktalige sjoernalistyk te begjinnen en oer relevante advizen fan DINGtiid en fan de advyskommisjes fan de Ried fan Europa. Us advysbrief slute wy ôf mei in tal oanbefellings en oplossingsrjochtings om de kwaliteit fan de Frysktalige sjoernalistyk te ferbetterjen.

Eftergrûn Frysktalige sjoernalistyk

De measte Friezen kinne it Frysk goed prate en ferstean, mar soks jildt minder foar it lêzen en skriuwen.² Dat gegeven is fan grut belang foar de Frysktalige sjoernalistyk. Trije belangrike mediabedriuwen yn Fryslân binne Omrop Fryslân, Friesch Dagblad en Leeuwarder Courant. Beide deiblêden binne kommersjeel en publisearje benammen yn it Nederlânsk. Minsken dy't Frysk prate wurde yn dy taal oanhelle en fierder binne der folslein Frysktalige artikelen, dy't dan meastal mei taal en kultuer te krijen hawwe.

By Omrop Fryslân spilet de Fryske taal in folle gruttere rol, mei om't Frysktalige mediaproduksjes ek opnommen binne yn de Mediawet (2006). Utgongspunt foar de ferslachjouwing op radio, tv en online is it Frysk, mar dêrby wurdt wol rekken hâlden mei yn hokker mjitte oft de minsken, dy't ynterviewd wurde, it Frysk behearskje. As in ynterviewd persoan Frysk ferstiet, mar net sels praat, dan wurde de fragen yn it Frysk steld en antwurdet dy persoan yn it Nederlânsk. Mocht ien net Frysk ferstean, dan giet de ferslachjouwer oer op it Nederlânsk. It publyk is alhiel wend oan dy bysûndere foarm fan fleksibele twataligens. De website fan Omrop Fryslân is twatalich. De nijsmedia binne har bewust fan takomstige ynset fan Keunstmjittige Yntelliginsje (AI) om it Frysk yn de media in gruttere rol te jaan.

¹ <https://www.tweedekamer.nl/kamerstukken/moties/detail?id=2022D52998&did=2022D52998>

² Fryske Taalatlas 2020 (side 7 en 8):

<https://www.fryslan.frl/flysystem/media/Fryske%20Taalatlas%202020%20%28Nederlands%29.pdf>

POSTADRES

Westersingel 4
Keamer 0.11
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl
www.dingtiid.frl
@dingtiid

Soargen oer taalbehearsking en taalnivo

Sinjalen fan soarch oer de Frysktalige sjoernalistyk komme út ferskate hoeken wei. It giet dan benammen oer de mûnlinge en skriftlike taalbehearsking en it taalnivo fan mediaprofesjonals. Yn de tuskenevaluaasje Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019-2023 hat DINGtiid dat punt op 30 juny 2021 op it aljemint brocht.³ En by it Rûnetafelpetear op 12 oktober 2023 oer de nije BFTK 2024-2028 is it ek troch Omrop Fryslân oan 'e oarder brocht yn syn position paper:

'...In een krappe arbeidsmarkt lukt het Omrop Fryslân tot nog toe redelijk goed om nieuw talent aan ons te binden. De toenemende uitdaging zit in de beheersing van het Fries. Bijna niemand van de inkomende mensen heeft daarin het benodigde niveau, wat vooral te maken heeft met het minimale onderwijs in de tweede rijkstaal'.⁴

De kwaliteit fan it Frysk fan mediaprofesjonals is net allinnich belangryk foar de kwaliteit fan de sjoernalistike uteringen, mar ek foar de wetlike taak om dy taal ek fia de media út te dragen. Nei oanlieding fan it niisneamde Rûnetafelpetear hawwe ferskate Twadde Keamer-fraksjes yn in skriftlik oerlis fragen steld oan de minister fan BZK oer Frysktalige sjoernalistyk.⁵

Trochgeande learline Frysk

Omrop Fryslân hallet yn syn position paper mei rjocht it nivo fan de Fryske taal yn it ûnderwiis oan. De lêste jierren hat DINGtiid yn ferskate advizen al wiisd op it belang fan in trochgeande learline Frysk.⁶ It seit himsels dat as dy trochgeande learline fersterke wurdt, soks op termyn ek de kwaliteit fan de Frysktalige sjoernalistyk te'n goede komt. Wy merke boppedat op dat kwaliteitsferheging fan it wurk net allinne foar it mediafild jildt, mar likegoed foar bygelyks de rjochtspraak, de oerheid en de soarch. Want ek dêr bestiet ferlet fan minsken dy't de Fryske taal machtich binne.

Pilotprojekt Fersterking lokale sjoernalistyk 2021-2023

It ministearje fan OCW jout al in skoft omtinken oan it ferstevigjen fan de lokale sjoernalistyk yn Nederlân. Yn de perioade 2021-2023 is it pilotprojekt 'Versterking lokale journalistiek door samenwerking' útfierd. Tsientallen jonge sjoernalisten binne, yn in gearwurkingsferbân fan de NOS mei lokale en regionale omroppen, oplaat foar in karriêre yn de sjoernalistyk. Yn Fryslân krigen de sjoernalisten ek trainingen yn/oer de Fryske taal en de meartalige mienskip. Yn juny 2023 is dat pilotprojekt posityf evaluearre.⁷

Traineeship Frysktalige sjoernalisten 2022-2024

Neist it niisneamde pilotprojekt, hawwe Friesch Dagblad, Leeuwarder Courant en Omrop Fryslân ek sels in traineeship opset om jonge sjoernalisten te skoaljen en

³ <https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2022/06/20210630-DINGtiid-aan-BZK-advies-BFTK-2019-2023.pdf>

⁴ <https://www.tweedekamer.nl/kamerstukken/detail?id=2023Z16395&did=2023D39933>

⁵ Keamerstik 36200-VII-174:

<https://www.tweedekamer.nl/kamerstukken/detail?id=2023D43612&did=2023D43612>

⁶ <https://dingtiid.frl/trochgeande-learline/>

⁷ <https://www.rijksoverheid.nl/documenten/rapporten/2023/06/15/eindevaluatie-versterking-lokale-journalistiek-door-samenwerking>

entûsjast te meitsjen om yn Fryslân te wurkjen. Dat traineeship is opset yn oparbeidzjen mei taalynstitút Afûk, Provinsje Fryslân, NHL Stenden Hegeskoalle en Ryksuniversiteit Grins. Alle jierren rinne trije talinten ôfwikseljend by de trije mediabedriuwen mei. Dêrby is in soad omtinken foar it learen fan de Fryske taal en it begripen fan de Fryske kultuer en de meartalige mienskip. Dat traineeship foldocht goed, want yn de earste twa jier hawwe fjouwer fan de seis trainees harren oan ien fan de nijsbedriuwen ferbûn. De Committee of Experts fan de Ried fan Europa is ek tige entûsjast oer dat traineeship (sjoch fuotnoaten 9 en 10).

Minor Frysktalige sjoernalistyk

Mei dy pilotprojekten binne de soargen foar goede Frysktalige sjoernalistyk lykwols net fuortnaam. Fryske nijsmedia jouwe oan ferlet te hawwen fan in strukturele oplossing, dy't gruttendiels binnen de kaders fan besteande opliedingen te realisearjen is. In mooglike oplossing dy't no ûndersocht wurdt, is it opsetten fan in minor Frysktalige sjoernalistyk, dy't yn febrewaris 2025 úteinsette moatte soe.

Nochris út de position paper fan Omrop Fryslân:

*‘...Voor onze toekomst als Friestalig medium, maar ook om het Fries in de geschreven pers op niveau te houden, is het erg belangrijk dat er een opleiding komt waarbij jonge talenten een stevige ondergrond krijgen om in de Friese media goed te kunnen functioneren. Wij denken hierbij aan een **minor Friestalige journalistiek** dan wel kennis van taal en cultuur in Fryslân aan hogeschool NHL Stenden in Leeuwarden. De schoolleiding en ook de Academy for Communication and Creative Business zien een dergelijke minor als een goede aanvulling op hun aanbod en zeker geschikt voor studenten uit meer richtingen dan alleen journalistiek. Hogeschool Windesheim in Zwolle beoordeelt dit initiatief als een goede verdieping en verbreding op hun (journalistieke) opleidingen.’⁸*

Provinsje Fryslân hat it foartou nommen om mei belutsenen út de media en it heger ûnderwiis te praten oer in minor Frysktalige sjoernalistyk. Underwylst krijt it kurrikulum fan sa'n minor hieltyd mear stal. Yn it Rûnetafelpetear yn De Haach is ûnderstreke dat foar in minor Frysktalige sjoernalistyk in garânsjstelling fan it ministearje fan OCW nedich is, ek as der yn in bepaald jier minder studinten har ynskriuwe foar de minor as dat (finansjeel) nedich is om de minor oanbiede te kinnen.

Ried fan Europa

Ryk en Provinsje Fryslân diele fanút harren mienskiplike ferantwurdlikheid en soarchplicht de fyzje dat op de langere termyn it brûken fan it Frysk yn de media fanselsprekkend bliuwt. Dat is sûnt 1989 de basis fan de oangeande bepalings yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer en boppedat it útgongspunt fan de oangeande bepalings yn it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden. Nederlân hat it Hânfêst yn 1996 ratifisearre en dêrmei ferplichtingen op him nommen om Frysk yn de media te befoarderjen (art. 11 Media).

De beide advyskommisjes fan de Ried fan Europa nûgje de Nederlânske oerheid út om it Frysk yn de media te fersterkjen. Yn de sande periodike rapportaazje (novimber 2022) fan de Committee of Experts fan de Ried fan Europa oangeande de

⁸ Position Paper Omrop Fryslân (Rûnetafelpetear oer BFTK 2024-2028 op 12-10-2023)
<https://www.tweedekamer.nl/kamerstukken/detail?id=2023Z16395&did=2023D39933>

ymplemintaasje fan it Europeesk Hânfêst stiet dat hja tige te sprekken binne oer it traineeprogramma foar sjoernalisten. De ComEx nûget it Ryk út om de mooglikheid te besjen om kâsten 11.1.e en 11.1.g út it Hânfêst te ratifisearjen:

*'...Frisian enjoys a considerable presence in the media, in particular because of the Agreement on the Use of the Frisian Language in the Media (2016) that provides extra safeguards for the position of Frisian in this field. In this framework, Omrop Fryslân produces television, radio and internet content in Frisian and is available across the whole country. Furthermore, two regional newspapers, Friesch Dagblad and Leeuwarder Courant, are issued in Leeuwarden/Ljouwert and both publish a small number of their articles in Frisian. Omrop Fryslân, Leeuwarder Courant and Friesch Dagblad newspapers have recently launched their own **training programme** to teach new journalists the Frisian language, culture and identity to compensate for the lack of regular teaching in and of Frisian in the education system. However, lack of financial support might affect the continuity of the programme in a near future. **The Committee of Experts invites the authorities of the Netherlands to explore the possibility of accepting new undertakings under Articles 11.1.g and 11.1.e of the Charter.**'⁹*

De advyskommisje fan it Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden fan de Ried fan Europa konstatare dat yn april 2023 dat der finansjele útdagingen binne om it traineeship fuort te setten en jout it Ryk de folgjende oanbefelling:

*'...The Advisory Committee asks the central and provincial authorities to ensure sufficient and stable financial support to the only Frisian language broadcaster, as well as to facilitate training and the recruitment of media professionals who can both speak the Frisian language and meet professional journalism criteria.'*¹⁰

Ut bepalingen wei yn it Europeesk Hânfêst is it winsklik dat Ryk en Provinsje in finansjele bydrage leverje oan it oplieden fan sjoernalisten foar de Frysktalige sjoernalistyk. DINGtiid riedt boppedat oan om ôfspraken dêroer fêst te lizzen yn de nije BFTK 2024-2028.

Oanbefellings

It is dúdlik dat it ferlet fan it ferstevigjen fan de Frysktalige sjoernalistyk út ferskate hoeken wei komt. Media, Provinsje Fryslân, ûnderwiis- en taalynstellingen binne al yn petear om yn dat ferlet te foarsjen en sette yn op in minor Frysktalige sjoernalistyk. DINGtiid is fan miening dat dat in weardefol inisjatyf is en jout dêrby de folgjende oanbefellings:

Oangeande de fersterking fan de Frysktalige sjoernalistyk:

- **Oan BZK en OCW:** Gean yn petear mei sjoernalistike nijsbedriuwen, ûnderwiis- en taalynstellingen oer hoe't der synergy berikt wurde kin om de kwaliteit fan it Frysk ûnder sjoernalisten en mediaprofesjonals te fersterkjen;

⁹ Seventh evaluation report on The Netherlands. Committee of Experts of the European Charter for Regional or Minority Languages (18-11-2022). <https://rm.coe.int/netherlandsecrml7-en/1680aa8930>

¹⁰ (Oanbefelling Advisory committee on the framework convention for the protection of national minorities. Fourth opinion on The Netherlands 03-04-2023, s. 9). <https://rm.coe.int/4th-op-netherlands-en/1680ac509f>

- **Oan OCW:** Gean troch mei it ynvestearjen yn projekten lykas 'Versterking lokale journalistiek door samenwerking' en jou dêrby spesifyk omtinken oan it behearskjen fan it Frysk en kennis fan in meartalige mienskip;
- **Oan BZK en OCW:** Undersykje de mooglikheden om de kâsten 11.1.g en 11.1.e fan it Europeesk Hânfêst te ratifisearjen, lykas oanbefelle troch de Committee of Experts en de Advisory Committee fan de Ried fan Europa en lis dy fêst yn de nije BFTK 2024-2028;
- **Oan BZK:** Nim de oanbefellings út de Tuskenevaluaasje BFTK 2019-2023 fan DINGtiid mei;

Oangeande de minor Frysktalige sjoernalistyk:


- **Oan BZK en OCW:** Stel finansjele middels beskikber foar it opsetten, it ynstân-hâlden en it promoatsjen fan in minor Frysktalige sjoernalistyk;
- **Oan BZK en OCW:** Meitsje, fanút it bewustwêzen dat sjoernalisten lang net altyd fia in oplieding sjoernalistyk yn it heger ûnderwiis ynstreame, in minor Frysktalige sjoernalistyk ek tagonklik foar oare stúdzjerjochtingen, besteande sjoernalisten en oare doelgroepen dy't net mear studearje, en nim dêrby it ferlet fan in garânsjstelling foar in minor mei;
- **Oan BZK en OCW:** Stypje de ynstellings om dy oplieding fierder te ûntwikkeljen en foar oare wurkgebieten nijsgjirrich te meitsjen, sadat ek sektoaren lykas rjochtspraak, oerheid en soarch fan sa'n minor profitearje kinne;
- **Oan BZK en OCW:** Undersykje hoe't dizze minor ek tagonklik en erkend wurde kin foar studinten út it universitêr heger ûnderwiis;

Fierder:

- **Oan BZK en OCW:** Set noch mear yn op de fersterking fan de 'Trochgeande learline Frysk' om yn de basis yn it ferlet fan Frysktalich persoanlik, ek yn oare domeinen (lykas rjochtspraak, oerheid en soarch) te foarsjen;
- **Oan BZK:** Nim (lytsere) talen lykas it Frysk ek mei yn technologyske kânsen oangeande Keunstmjittige Yntelliginsje (AI).

Wy geane der fanút dat wy mei dizze brief oan jo advysfersyk foldien hawwe. Ut soarte binne wy ree om de advysbrief ta te ljochtsjen.

Ut namme fan it bestjoer fan DINGtiid,
Mei freonlike groetnisse,



Jan Koster (foarsitter)

Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties
T.a.v. H.M. de Jonge
Postbus 20011
2500 EA DEN HAAG

Leeuwarden, 23 januari 2024

Geachte minister De Jonge, geachte staatssecretaris Gräper-van Koolwijk,

In april 2023 is door u en (voormalig) staatssecretaris Uslu van OCW, een adviesverzoek ingediend bij DINGtiid, uw adviesorgaan voor de Friese taal. Dat adviesverzoek is het gevolg van de motie Kuiken/De Jong (36 200 VII, nr. 134) die de Tweede Kamer op 8 december 2022 heeft aangenomen.¹ Hierin worden zorgen geuit over de Friestalige journalistiek. U vraagt om de stand van zaken en verzoekt ons oplossingsrichtingen aan te dragen om de Friestalige journalistiek te verbeteren. Op 26 september 2023 hebben wij u laten weten dat wij graag ingaan op uw adviesverzoek. Hieronder schetsen wij eerst de achtergrond bij de Friestalige journalistiek. Verder informeren wij u over relevante pilotprojecten, de wens om een minor Friestalige journalistiek te starten en over relevante adviezen van DINGtiid en de adviescommissies van de Raad van Europa. Onze adviesbrief sluiten wij af met een aantal aanbevelingen en oplossingsrichtingen om de kwaliteit van de Friestalige journalistiek te verbeteren.

Achtergrond Friestalige journalistiek

De meeste Friezen kunnen het Fries goed spreken en verstaan, maar dat geldt minder voor het lezen en schrijven.² Dit gegeven is van groot belang voor de Friestalige journalistiek.

Drie belangrijke mediabedrijven in Fryslân zijn Omrop Fryslân, Friesch Dagblad en Leeuwarder Courant. Beide dagbladen zijn commercieel en publiceren voornamelijk in het Nederlands. Mensen die Fries spreken worden in die taal geciteerd en verder zijn er volledig Friestalige artikelen, die dan meestal met taal en cultuur te maken hebben.

Bij Omrop Fryslân speelt de Friese taal een veel grotere rol, mede omdat Friestalige mediaproducties ook zijn opgenomen in de Mediawet (2006). Uitgangspunt voor de verslaggeving op radio, tv en online is het Fries, maar hierbij wordt wel rekening gehouden met in welke mate de mensen, die worden geïnterviewd, het Fries beheersen. Als een geïnterviewd persoon Fries verstaat, maar zelf niet spreekt, dan worden de vragen in het Fries gesteld en antwoordt die persoon in het Nederlands. Mocht iemand het Fries niet verstaan, dan schakelt de verslaggever naar het Nederlands. Het publiek is volledig gewend aan die bijzondere vorm van flexibele tweetaligheid. De website van Omrop Fryslân is tweetalig. De nieuwsmedia zijn zich

¹ <https://www.tweedekamer.nl/kamerstukken/moties/detail?id=2022D52998&did=2022D52998>

² Fryske Taalatlas 2020 (pagina 7 en 8):

<https://www.fryslan.frl/flysystem/media/Fryske%20Taalatlas%202020%20%28Nederlands%29.pdf>

bewust van toekomstige inzet van Kunstmatige Intelligentie (AI) om het Fries in de media een grotere rol te geven.

Zorgen over taalbeheersing en taalniveau

Signalen van zorg over de Friestalige journalistiek komen uit verschillende hoeken. Het gaat dan vooral over de mondelinge en schriftelijke taalbeheersing en het taalniveau van mediaprofessionals. In de tussenevaluatie Bestuursafpraak Friese taal en Cultuur 2019-2023 heeft DINGtiid dit punt op 30 juni 2021 al aangekaart.³ En bij het Rondetafelgesprek op 12 oktober 2023 over de nieuwe BFTK 2024-2028 is het ook door Omrop Fryslân aan de orde gebracht in zijn position paper:

'...In een krappe arbeidsmarkt lukt het Omrop Fryslân tot nog toe redelijk goed om nieuw talent aan ons te binden. De toenemende uitdaging zit in de beheersing van het Fries. Bijna niemand van de inkomende mensen heeft daarin het benodigde niveau, wat vooral te maken heeft met het minimale onderwijs in de tweede rijkstaal'.⁴

De kwaliteit van het Fries van mediaprofessionals is niet alleen belangrijk voor de kwaliteit van de journalistieke uitingen, maar ook voor de wettelijke taak om die taal ook via de media uit te dragen. Naar aanleiding van het zojuist aangehaalde Rondetafelgesprek hebben verschillende Tweede Kamerfracties in een schriftelijk overleg vragen gesteld aan de minister van BZK over Friestalige journalistiek.⁵

Doorgaande leerlijn Fries

Omrop Fryslân haalt in zijn position paper terecht het niveau van de Friese taal in het onderwijs aan. De laatste jaren heeft DINGtiid in verschillende adviezen al gewezen op het belang van een doorgaande leerlijn Fries.⁶ Het spreekt voor zich dat als die doorgaande leerlijn wordt versterkt, dat dit op termijn ook de kwaliteit van de Friestalige journalistiek ten goede komt. Wij merken bovendien op dat kwaliteitsverhoging van het werk niet alleen voor het mediaveld geldt, maar net zo goed voor bijvoorbeeld de rechtspraak, de overheid en de zorg. Want ook hier is behoefte aan mensen die de Friese taal beheersen.

Pilotproject Versterking lokale journalistiek 2021-2023

Het ministerie van OCW besteedt al een tijd aandacht aan het verstevigen van de lokale journalistiek in Nederland. In de periode 2021-2023 is het pilotproject 'Versterking lokale journalistiek door samenwerking' uitgevoerd. Tientallen jonge journalisten zijn, in een samenwerkingsverband van de NOS met lokale en regionale omroepen, opgeleid voor een carrière in de journalistiek. In Fryslân krijgen de journalisten ook trainingen in/over de Friese taal en de meertalige samenleving. In juni 2023 is dat pilotproject positief beoordeeld.⁷

³ <https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2022/06/20210630-DINGtiid-aan-BZK-advies-BFTK-2019-2023.pdf>

⁴ <https://www.tweedekamer.nl/kamerstukken/detail?id=2023Z16395&did=2023D39933>

⁵ Kamerstuk 36200-VII-174:

<https://www.tweedekamer.nl/kamerstukken/detail?id=2023D43612&did=2023D43612>

⁶ <https://dingtiid.frl/trochgeande-learline/>

⁷ <https://www.rijksoverheid.nl/documenten/rapporten/2023/06/15/eindevaluatie-versterking-lokale-journalistiek-door-samenwerking>

Traineeship Friestalige journalisten 2022-2024

Naast bovenstaand pilotproject, hebben Friesch Dagblad, Leeuwarder Courant en Omrop Fryslân ook zelf een traineeship opgezet om jonge journalisten op te leiden en enthousiast te maken om in Fryslân te werken. Dit traineeship is opgezet in samenwerking met taalinstituut Afûk, Provincie Fryslân, NHL Stenden Hogeschool en Rijksuniversiteit Groningen. Ieder jaar lopen drie talenten afwisselend bij de drie mediabedrijven mee. Hierbij is veel aandacht voor het leren van de Friese taal en het begrijpen van de Friese cultuur en de meertalige samenleving. Dit traineeship bevalt goed, want in de eerste twee jaar hebben vier van de zes trainees zich aan een van de nieuwsbedrijven verbonden. De Committee of Experts van de Raad van Europa is ook erg enthousiast over dit traineeship (zie voetnoten 9 en 10).

Minor Friestalige journalistiek

Met deze pilotprojecten zijn de zorgen voor goede Friestalige journalistiek echter niet weggenomen. Friese nieuwsmedia geven aan behoefte te hebben aan een structurele oplossing, die grotendeels binnen de kaders van bestaande opleidingen is te realiseren. Een mogelijke oplossing die nu wordt onderzocht, is het opzetten van een minor Friestalige journalistiek, die in februari 2025 zou moeten beginnen.

Nogmaals uit de position paper van Omrop Fryslân:

*'...Voor onze toekomst als Friestalig medium, maar ook om het Fries in de geschreven pers op niveau te houden, is het erg belangrijk dat er een opleiding komt waarbij jonge talenten een stevige ondergrond krijgen om in de Friese media goed te kunnen functioneren. Wij denken hierbij aan een **minor Friestalige journalistiek** dan wel kennis van taal en cultuur in Fryslân aan hogeschool NHL Stenden in Leeuwarden. De schoolleiding en ook de Academy for Communication and Creative Business zien een dergelijke minor als een goede aanvulling op hun aanbod en zeker geschikt voor studenten uit meer richtingen dan alleen journalistiek. Hogeschool Windesheim in Zwolle beoordeelt dit initiatief als een goede verdieping en verbreding op hun (journalistieke) opleidingen.'*⁸

Provincie Fryslân heeft het voortouw genomen om met betrokkenen uit de media en het hoger onderwijs te praten over een minor Friestalige journalistiek. Inmiddels krijgt het curriculum van zo'n minor steeds meer vorm. In het Rondetafelgesprek in Den Haag is benadrukt dat voor een minor Friestalige journalistiek een garantstelling van het ministerie van OCW nodig is, ook als er in een bepaald jaar minder studenten zich inschrijven voor de minor als dat (financieel) nodig is om de minor te kunnen aanbieden.

Raad van Europa

Rijk en Provincie Fryslân delen vanuit hun gemeenschappelijke verantwoordelijkheid en zorgplicht de visie dat op de lange termijn het gebruik van het Fries in de media vanzelfsprekend blijft. Dat is sinds 1989 de basis van de betreffende bepalingen in de Bestuursafpraak Friese Taal en Cultuur en bovendien het uitgangspunt van de betreffende bepalingen in het Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden. Nederland heeft het Handvest in 1996 geratificeerd en hiermee verplichtingen op zich genomen om Fries in de media te bevorderen (art. 11 Media). De beide adviescommissies van de Raad van Europa nodigen de Nederlandse

⁸ Position Paper Omrop Fryslân (Rondetafelgesprek over BFTK 2024-2028 op 12-10-2023)
<https://www.tweedekamer.nl/kamerstukken/detail?id=2023Z16395&did=2023D39933>

overheid uit om het Fries in de media te versterken. In de zevende periodieke rapportage (november 2022) van de Committee of Experts van de Raad van Europa betreffende de implementatie van het Europees Handvest staat dat zij zeer zijn te spreken over het traineeprogramma van journalisten. De ComEx nodigt het Rijk uit om de mogelijkheid te bekijken om de artikelen 11.1.e en 11.1.g uit het Handvest te ratificeren:

*'...Frisian enjoys a considerable presence in the media, in particular because of the Agreement on the Use of the Frisian Language in the Media (2016) that provides extra safeguards for the position of Frisian in this field. In this framework, Omrop Fryslân produces television, radio and internet content in Frisian and is available across the whole country. Furthermore, two regional newspapers, Friesch Dagblad and Leeuwarder Courant, are issued in Leeuwarden/Ljouwert and both publish a small number of their articles in Frisian. Omrop Fryslân, Leeuwarder Courant and Friesch Dagblad newspapers have recently launched their own **training programme** to teach new journalists the Frisian language, culture and identity to compensate for the lack of regular teaching in and of Frisian in the education system. However, lack of financial support might affect the continuity of the programme in a near future. **The Committee of Experts invites the authorities of the Netherlands to explore the possibility of accepting new undertakings under Articles 11.1.g and 11.1.e of the Charter.**'⁹*

De adviescommissie van het Kaderverdrag voor de Bescherming van Nationale Minderheden van de Raad van Europa constateert in april 2023 dat er financiële uitdagingen zijn om het traineeship voort te zetten en geeft het Rijk de volgende aanbeveling:

*'...The Advisory Committee asks the central and provincial authorities to ensure sufficient and stable financial support to the only Frisian language broadcaster, as well as to facilitate training and the recruitment of media professionals who can both speak the Frisian language and meet professional journalism criteria.'*¹⁰

Vanuit bepalingen in het Europees Handvest is het wenselijk dat Rijk en Provincie een financiële bijdrage leveren aan het opleiden van journalisten voor de Friestalige journalistiek. DINGtiid raadt bovendien aan om afspraken hierover vast te leggen in de nieuwe BFTK 2024-2028.

Aanbevelingen

Het is duidelijk dat er vanuit verschillende hoeken behoefte is aan het verstevigen van de Friestalige journalistiek. Media, Provincie Fryslân, onderwijs- en taalinstellingen zijn al in gesprek om in die behoefte te voorzien en zetten in op een minor Friestalige journalistiek. DINGtiid is van mening dat dit een waardevol initiatief is en geeft hierbij de volgende aanbevelingen:

⁹ Seventh evaluation report on The Netherlands. Committee of Experts of the European Charter for Regional or Minority Languages (18-11-2022). <https://rm.coe.int/netherlandsecrml7-en/1680aa8930>

¹⁰ (Oanbefelling Advisory committee on the framework convention for the protection of national minorities. Fourth opinion on The Netherlands 03-04-2023, s. 9). <https://rm.coe.int/4th-op-netherlands-en/1680ac509f>

Betreffende de versterking van de Friestalige journalistiek:

- **Aan BZK en OCW:** Ga in gesprek met journalistieke nieuwsbedrijven, onderwijs- en taalinstellingen over hoe er synergie kan worden bereikt om de kwaliteit van het Fries onder journalisten en mediaprofessionals te versterken;
- **Aan OCW:** Ga door met het investeren in projecten zoals 'Versterking lokale journalistiek door samenwerking' en geef hierbij specifiek aandacht aan het beheersen van het Fries en kennis van een meertalige samenleving;
- **Aan BZK en OCW:** Onderzoek de mogelijkheden om de artikelen 11.1.g en 11.1.e van het Europees Handvest te ratificeren, zoals aanbevolen door de Committee of Experts en de Advisory Committee van de Raad van Europa en leg dit vast in de nieuwe BFTK 2024-2028;
- **Aan BZK:** Neem de aanbevelingen uit de Tussenevaluatie BFTK 2019-2023 van DINGtijd mee;

Betreffende de minor Friestalige journalistiek:

- **Aan BZK en OCW:** Stel financiële middelen beschikbaar voor het opzetten, het in stand houden en het promoten van een minor Friestalige journalistiek;
- **Aan BZK en OCW:** Maak, vanuit het bewustzijn dat journalisten lang niet altijd via een opleiding journalistiek in het hoger onderwijs instromen, een minor Friestalige journalistiek ook toegankelijk voor andere studierichtingen, bestaande journalisten en andere doelgroepen die niet meer studeren, en neem hierbij de behoefte aan een garantstelling voor een minor mee;
- **Aan BZK en OCW:** Steun de instellingen om die opleiding verder te ontwikkelen en voor andere werkgebieden interessant te maken, zodat ook sectoren zoals rechtspraak, overheid en zorg van zo'n minor kunnen profiteren;
- **Aan BZK en OCW:** Onderzoek hoe deze minor ook toegankelijk en erkend kan worden voor studenten uit het universitair hoger onderwijs;

Verder:

- **Aan BZK en OCW:** Zet nog meer in op de versterking van de 'Doorgaande leerlijn Fries' om in de basis in de behoefte aan Friestalg personeel, ook in andere domeinen (zoals rechtspraak, overheid en zorg) te voorzien;
- **Aan BZK:** Neem (kleinere) talen zoals het Fries ook mee in technologische kansen betreffende Kunstmatige Intelligentie (AI).

Wij gaan ervanuit dat wij met deze brief aan uw adviesverzoek hebben voldaan. Uiteraard zijn wij bereid om de adviesbrief toe te lichten.

Namens het bestuur van DINGtijd,
Met vriendelijke groet,



Jan Koster (voorzitter)